

Temateek

# Sinteklaas op 'e pleats

Berber Spliethoff

De bern binne op 'e pleats.  
'Sille we Sinteklaaske boartsje?' freget Hidde.  
'Wy ha in kiste mei klean.  
Dy kinne we brûke.'  
'Ja!' ropt Silke, 'dan wurd ik pyt.'  
'Ik wol Sinteklaas wêze', seit Eef.  
'Ik ek', seit Rins.  
'Dan wurde wy wol piten', seit Mia.

De bern ferklaaie harren.  
'Sille we kadootsjes rûnbringe?' freget Silke.  
'Ja!' ropt Sef, 'ik pak se wol yn.'  
'Mar wa bringe we kadootsjes?' freget Sef.  
De bern tinke nei.

'Ik wit wat,' seit Silke,  
'de bisten moatte in kadootsje ha!  
'Goed idee!' seit Eef.  
'We meitsje in Sinteklaasfeest foar de bisten!'

'Wat fine kij lekker, Hidde?' freget Sef.  
'Snijmais', wit Hidde.  
'Kom mar mei, hjir leit it.'

Hidde lit de oaren alles sjen.  
Dan geane se oan 'e gong.  
Se pakke de snijmais yn mei hea.  
Dan lade se it op de kroade.  
'No sille we it rûnbringe', seit Sef.



'We moatte sjonge', fynt Eef.  
Se sjonge sinteklaasferskes.  
Elke ko krijt in kadootsje.  
'Oeoeoe!' roppe de kij.  
'Se binne bliid', seit Silke.

De bern wurkje de hiele middei.  
Hidde wit wat alle bisten ite meie.  
De skiep krije brokjes.  
De hynders en kninen krije woartels.  
Alles wurdt ynpakt yn hea.  
'De bisten fine it prachtich', seit Mia.  
'En lekker', laket Rins.

Oan 'e ein fan 'e middei  
makket mem poeiermolke.  
Dan komt de heit fan Hidde deryn.  
'Ik tink dat de bisten siik binne',  
seit er tsjin mem.  
'Se ite hast neat mear.'

De bern laitsje.  
'Dat komt omdat de bisten  
Sinteklaas fierd hawwe',  
seit Hidde.  
Heit sjocht harren raar oan.  
'Se hawwe al har kadootsjes  
al opiten.'  
Mem skoddet de holle.  
'Dat krigest derfan,  
ast snobbest foar it iten.'  
Se moatte allegearre laitsje.

